

Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 12 april 2014

Bûten it korreksemodel mei alles goed rekkene wurde wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foarkomme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen D en F wurde staveringflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.

TEKSTBEGRYP

A. De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 19 punten.

1. Der moat rekken holden wurde mei de eigenskippen fan it Frysk sels en der moat oan tocht wurde dat fierwei de measte brûkers fan it Frysk faker en better Nederlânsk skriuwe. (2 punten)
2. Dat wurdt dêr net mei bedoeld, mar wol dat it Frysk al langer skreaun wurdt. Mar de stavering sels is troch de ieuwen hinne feroare. (3 punten)
3. De Haan Hetteema en Sytstra woene mei harren stavering oan bûtenlânske taalgelearden sjen litte dat it Frysk fan doe dan noch echt Frysk is. (2 punten)
4. De taal fan de Faerøer is sa dreech om te skriuwen omdat der in soad twalûden yn sitte. (2 punten)
5. Yn de 19^{de} ieu wiene hja op de Faerøer dwaande om de stavering fêst te lizzen. (1 punt)
6. Der wurde op Yslân noch altyd Aldnoarske foarmen skreaun. Dat docht bliken út de wurden 'sa't dy op Yslân noch altyd brûkt wurde' (r. 22/23). (2 punten)
7. Wy soene begrutsjen hawwe moatte mei de Faerøerske skoalbern, omdat sy dy âldfrinzige stavering oanleare moatte. (2 punten)
8. Trije ferskillende staveringen fan it Frysk dy't yn 'e tekst neamd wurde binne: de stavering fan it Aldfrysk, de stavering fan no, de Iduna-stavering en de stavering fan Gysbert Japicx. (Mei-inoar net mear as 3 punten)
9. De stavering fan De Haan Hetteema en Sytstra wurdt no net mear brûkt. Dat docht bliken út sin 1/2: 'Wy skriuwe no b.g. hiel oar Frysk (...) as yn de 19^{de} ieu.' (2 punten)

TAALEIGEN

B. Twa punten foar eltse goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 20 punten.

- | | |
|---------------------------------------|---------------------------------------|
| 1. yn hege mjitte, foar in grut part | 6. oeral bekende, romrofte |
| 2. nei alle gedachten, fêst, moai wis | 7. ynteressant, niget opproepend |
| 3. in grutte | 8. fer(ge)lykber, fan 'e selde soarte |
| 4. wat | 9. âlderwetske |
| 5. in stik of wat, inkelde, sommige | 10. meilijen |

C. Fjouwer punten foar elts goed ferskil. Mei-inoar 24 punten.

1. reek: b.g. De reek fan de ferbaarnde pleats wie fan fierôf goed te sjen.
rook: b.g. De rook fan it lekkere iten kaam ús yn 'e mjitte.
2. fuort: b.g. Hy hat alle jûnen wol wat, mar fan 'e jûn hoecht er net fuort.
wei: b.g. De kaaïen wiene nearne mear, se wiene foargoed wei.
3. slikje: b.g. De hûn slikke de baas altyd op it wang om.
slokje: b.g. Hy slokte de sprútsjes gau troch, sadat er se sa min mooglik preau.
4. licht: b.g. De doaze wie lang net licht, hy huftederyn.
ljocht: b.g. Lokkigernôch wurdt it moarns alwer wat earder ljocht.
5. holle: b.g. Dat famke hat in grut bosk read hier op 'e holle.
haad: b.g. Hy hie him opwurke fan skoalmaster ta haad fan 'e skoalle en no wie hy de baas.
6. heine: b.g. De earste oefening mei gymnastyk wie dat wy de bal goaie en wer mei de hannen heine moasten.
fange: b.g. Juster hie buorman in grouwe bears fongen.

D. Ien punt foar elts goed meartal en ien punt foar elts goed ferlytsingswurd. Mei-inoar 12 punten.

- | | |
|--------------------------------------|---------------------------|
| 1. bern - berntsje | 4. bannen/bânen - bantsje |
| 2. learzen(s) - learske | 5. stuollen - stuoltsje |
| 3. froulju/frouwen - froutsje/frouke | 6. bargaen - barchje |

OERSETOPDRACHT

E. Mei-inoar 20 punten.

1. Wy geane faak nachts te fiskjen oan 'e râne fan de bosk. (4 punten)
2. Doe't er my opbelle/skille, wist ik fuort/fuort(en)daliks/dalik(s) dat der wat oan 'e hân wie/dat der wat te rêden wie. (4 punten)
3. Bliuwst(o) dêr stean of giest(o) der aanst/strak ek hinne? (3 punten)
4. Hy hat it te drok, nije/oare/oankommende/takom wike moat er al wer fuort. (3 punten)
5. Bisto der wis fan datst it ljocht útdien hast? (3 punten)
6. Alle jierren komt nei de maitiid gelokkich/lokkigernôch wer de simmer. (3 punten)

YNTERFERINSJES

F. Ien punt foar eltse goede ferbettering. Mei-inoar 16 punten.

1. tidens = ûnder, yn
ontbijt = brea-iten, moarnsiten
iderien = elkenien
2. gean rinnen = geane te rinnen, sille rinne
wie = wa
fersonnen = betocht
3. boven = boppe
iemand = ien/immen
wol prate = prate wol
4. weinich = in bytsje, net folle, net in soad/protte
foel tsjin = foel ôf
5. erch = tige, hiel, o sa
dik = tsjok, grou
6. koën = kij
weilân = lân, greide
grazen = weidzjen

Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 111 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 66,6 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.